

Oan de leden van de FNP-steatefraksje,
Ter attinsje fan de hear Sybren Posthumus

Ljouwert, 9 septimber 2016

Ferstjoerd, **14 SEP. 2016**

Ús merkteken : 01342513
Ôfdieling : Kultuer & Mienskip
Opsteld troch : G.Bies / (058) 92 52 53 of g.bies@fryslan.frl
Jo merkteken : 01340311
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : beäntwurdig skriftlike fragen oer Aksje foar Sionsberg

Achte hear Posthumus,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 3 augustus 2016, beäntwurdzje wy as folgt.

Jo ynliding wie: "Foar de twadde kear yn fjouwer jier tiid wurdt sikehûs Sionsberg yn Dokkum bedrige yn syn fuortbestean.

Diskear hat soarchbesekerder De Friesland (DFZ) it kontrakt opsein mei yngong fan 1 jannewaris 2017. Dat kin ynhâlde dat yn in tiidsbestek fan noch gjin heal jier sawat 100.000 minsken yn Noard-East Fryslân (ynklusyf de waadeilannen Skiermûntseach en it Amelân) ûnwis binne fan harren sikehûsoarch.

It is skril om merkbite te moatten dat Sionsberg krekt yn in opgeande tiid mei dizze snútslach fan De Friesland konfrontearre wurde moat.

Grutste fraach is hoe't it komt mei de polyklinyske soarch oan de minsken yn de regio en wat de provinsje Fryslân deroan dwaan kin om dy soarch berikber en beskikber te hâlden."

Dêrom hawwe wy de folgjende fragen:

Fraach 1: Wat is jo reaksje op it berjocht yn de Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad fan 1 en 2 augustus lêstlyn mei as titels "Sionsberg wankelt door ruzie met verzekeraar" en "De Friesland zegt contract met Sionsberg op"?

Antwurd fraach 1:

Wy ha der kundskip fan naam en diele jim soarch. It kolleezje spant him der foar yn om in bemiddeljende rol te spyljen yn dizzen.

Fraach 2: Al earder hat de takomst fan de Sionsberg wif west. Wat hat it Kolleezje yn de tuskentiid dien, nei de Steatebrede moasje fan 23 maaie 2012 oer akute soarch en bertesoarch dy't benammen ek referearre nei de regio Noardeast-Fryslân én de status fan krimpregio?

Antwurd fraach 2:

Yn ús regulier oerlis mei De Friesland Soarchfersekerer lizze wy de klam op it belang fan berikbere en kwalitatyf goede soarch yn dizze krimpregio en ha wy oanstien op it lykwichtich sprieden fan soarchfoarsjennings oer de provinsje. Dêrneist spilet ek it behâld fan wurkgelegensheid dat wy wichtich fine yn dit ferbân.

Fraach 3: Neffens it Keamerstik 32 299 nr. 40, dat hannele oer de takomst fan de Sikehûssoarch (en de Sionsberg yn it bysûnder) hat minister Schippers doedestiids oer 'berikberens en beskikberens' sein dat "Die normen moeten ook goed worden ingevuld door verzekeraars in overleg met stakeholders in regio's waar dat aan de orde is"? Hat de provinsje Fryslân yn dizzen ek partij ('stakeholder') west as it gong oer it fêststellen fan dy noarmen? Sa net, wêrom net? Sa al, wat wie it resultaat fan de oerlizzen?

Antwurd fraach 3:

As provinsje binne wy wol 'stakeholder', mar ha wy gjin foech yn dizzen en allinnich in advisearjende rol. As bydrage om de Sionsberg iepen te hâlden, ha wy as provinsje en DFZ de finansiering foar ús rekken nommen fan de Sionsbergdei dy't op 17 jannewaris 2015 hâlden is. Sa koe Soarchbelang Fryslân yn oerlis mei befolking en professionals en oare belutsenen yn petear om ta in breed droegen regioplan te kommen foar de (kurative) soarchferliening yn Noard-East Fryslân mei goede en berikbere (kurative) soarch, basearre op de hjoeddeistige en takomstige soarchfraach. Dit breed droegen regioplan is oanbean en oerlange oan de trije eigners fan de Sionsberg en DFZ. Op grûn fan it regioplan binne ôfspraken tusken de eigners en DFZ makke, mar fan de ynhâld fan dy ôfspraken binne wy oant no ta net op 'e hichte brocht.

Fraach 4: Kloppet it dat der rjocht is op soarch, mei oare wurden dat DFZ ek net-kontraktearre soarch fergoedzje moat en dat sa Sionsberg boarnen fan ynkomen hâldt?

Antwurd fraach 4:

Statutêr hat DFZ in soarchplicht foar alle persoanen dy't by har fersekere binne. De provinsje hat fierder gjin foech noch ynsjoch yn de fergoedings.

Fraach 5: Sil it Kolleezje him ek de kommende tiid ynspanne om, yn it ferlingde fan de Steatebrede moasje fan 2012, de Sionsberg iepen te hâlden, om sa in berikbere en beskikbere sikehûs-foarsjening foar de minsken yn Noardeast Fryslân te hâlden? En sa ja, sille jim noch foar it oerlis yn septimber tusken DFZ en Sionsberg yn aksje komme?

Antwurd fraach 5:

It breed droegen regioplan dat op 17 jannewaris 2015 ta stân kaam is foar goede en berikbere (kurative) soarch yn de regio, basearre op de hjoeddeistige en takomstige soarchfraach, foarmet wat ús oanbelanget noch hieltyd it útgongspunt. Wy geane mei dizze ynstek it petear oan mei DFZ en de Sionsberg en oare stakeholders yn de regio.


Fraach 6: Yn it koalysje-akkoart is as Resultaat 19 opnommen: 'Wy hawwe mear te sizzen oer de sprieding fan soarchfoarsjennings'. Kin it Kolleezje fan DS ús ynformearje oer de stân fan saken? Hoe wurdt wurke om mear foech te krijen op dat mêd?

Antwurd fraach 6:

As provinsje ha wy regulier oerlis mei DFZ en binne wy mei de soarchfersekerder en de Fryske gemeenten fertsjintwurdige yn de stjoergroep Sosjaal Medyske 1e lijn. Formeel ha wy gjin foech. Fanút ús regisearjende rol kinne wy de soarch oer de sprieding fan soarchfoarsjennings breed op de aginda sette by de Fryske gemeenten en DFZ. Yn dit spesifike gefal binne wy mei Soarchbelang Fryslân en gemeente Dongeradiel yn petear hoe't de kwaliteit en berikberens fan de soarch en de belangen fan de ynwenners fan Noard-East Fryslân it bêste behertige wurde kinne.


Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter

foar dizze, de loke-foarsitter



A.J. van den Berg, sikretaris